



Grouster Merke

Grouster merke, wyt'je!
 Grouster merke, wyt'je?
 Dêr haw ik, wyt'je, folle west.
 Dêr binne fammen, wyt'je?
 En de spyllju, wyt'je, fylje, wyt'je
 Opperbêst.

Op Grouster merke, wyt'je?
 Dêr kom ik, wyt'je, werom:
 Dêr kin men dounsje, wyt'je?
 Dêr kin men patsje, wyt'je?
 Dêr hat in minsk it rom.

Grouster merke, wyt'je?
 Grouster merke wyt'je?
 Grouster merke, wyt'je, komt werom.
 Dan sil ik dounsje, wyt'je?
 En tinke nearne om.

Ut: Rimen en Teltsjes
Brouren Halbertsma.

De Grouster merke is in feest dat al jierren en jierren fierd wurdt. De Brouren Halbertsma (Eeltsje, Joast en Tsjalling) skriuwe yn 1842 al rymkes en ferhaaltsjes oer de Grouster merke, dy't werom te finen binne yn "Rimen en Teltsjes".

Fansels gie it op'e merke eartiids oars om en ta as hjoeddedei, mar dochs is de wêzentlike opset net iens sa folle feroare. Ek yn eardere tiden wie de merke in feest fan

folksspultsjes, dûnsjen, hurdsilen en folle net genôch. Ald-Grousters witte noch goed hoe't de merke yyn it begjin fan dizze ieu him ôspile.

Sfear priuwe

„De wyks ear't de merke begjinne soe, wie der al in sfear yn'e buorren, dy't him min beskriuwe lit," fertelt in âld-Grouster, dy't anonym bliuwe wol. „De skippen – want it measte merkefolk kaam oer't wetter – leine by de âlde kade fan Oostergoo, efter de Pakhússteech en yn'e Baai oan. Dan waarden de Buorren en it Grien folset mei kreammen. Arjaans stie der altyd mei in oaljekoekcream en letter kamen De Bruin en Bos opsetten mei almar gruttere kreammen. "It lytse wyfke" stie der ek alle jierren: Se hie in hiel lyts kreamke, mar hja wie sels in grut en foarsk frommis. Van der Werf mei syn maat hie sûkerkreammen en der wiene ek lange kreammen, dêr't men boartersguod krije koe. Dat neamden wy de poppekreammen. Sels de sjittinte ûntbruts net op Grouster merke."

"Janne – Wim" (de Jong) hie gjin echte cream, mar in soarte diske. Hja stie foar de Boogstrjitte oer, rjocht foar de bakkerij fan Hyltsje Boanstra oer. Hja wie foar ús in begryp. Wy seine altyd: "Dêr stiet Wim". „Ek yn dy tiid koene wy al in "hobbeljende geit", mar de sjarme fan'e merke wie dochs de "stoomcaroussel". Dat wie de grutte attraksje!"

„Foar de bern wie der op it hoekje, dêr't no de slachterij fan Jelfema is, in draaimûne fan de famylje Panbakker. Dochter Marie wie dan yn't spier om de sinten op te heljen. Ik mien, dat men foar twa sinten hiel

wat kearen draaie koe. De draaimûne waard troch ien hynder lutsen. Foar de bern wie it it moaiste om dan neist it hynder te sitten."

„Hjoeddedei begjint de merke einliken op sneontemiddei. Eartiids net. Doe arbeiden de minsken ommers noch op sneon. Yn ús jonge jierren begûn de merke op sneontemoarn om healwei tolfen. Dan hearde men it tromgeroffel en it muzyk fan Apollo en de merkefierders giene efter it muzyk oan troch hiele Grou."

Hurdsile

„Middeis hiene jo dan de hurdsilerij fan Frisia op Mar en Ie. As dy dan de jûns om in oer of tiif dien wiene, kaam it folk op'e lappen yn'e buorren. It waard drok yn'e herbergen. Eins wie it it drokste stuit fan'e merke. De plezierboaten leine kop oan kop oan'e kade."

„Yn hotel Van Stralen wie't op merkejûn bal. It dûnsjen koste in kwartsje. Mar fakken wie der toaniel, dan kaam it "Hollânsk Selsskip" of in kabaretier, lyk as Stap fan Menaam. Yn'e Bierhalle, dy is der ek al sûnt 1860, hawwe sels wolris Hongaren west."

„Op moandei – te – moarns wie it stil yn'e buorren. De Halbertsmafabriken draaiden en de folksspultsjes wiene op it lân foar Graalda oer. It wie dan stil yn'e strjitten. Pas as de spultsjes dien wiene, kaam it folk wer efter it muzyk oan yn'e buorren."

„Doe't FFF en SSS opkamen, waard al ridlik gau besluten, dat de folksspultsjes yn'e buorren hâlden wurde moasten. By eintsjebeslút moasten de herbergen der ek wat fan meikrije!"

„It heugt my ek noch, dat der op Grouster merke altyd in weachbrêge wie. Dêr koe men jinsels tsjin in fergoedinkje weage litte."

Dit moat al in hiel âld gebrûk wêze op Grouster merke. De buorren Halbertsma skriuwe yn 1842 al oer de weachmasters en weachbriefkes:

„Der binne folle, dy gean mei in moed fan hûndert poun op'e skealjen, en as wy harren dan mei ús wichten bestjutte, dat se te licht binne, dan smite se ús noartlich it skrokke weachlean nei de kop en woene ús der wol in mep by jaan..." (Ut: Rimen en Teltsjes, Brouren Halbertsma).

TINEKE BAKKER

„Nei Grouster merke!"




De Luyck

kwiteit voor een redelijke prijs

**bloemenhuis
drachtsterweg 2
9001 be grouw
tel. 05662-2323**

binnenkort hoofdstraat 2

**Uw bakker - Uw slager - Uw vleeswarenspecialist
Uw grøentebøer - Uw drogist - Uw slijter**

Alles onder één dak



Vivo **supermarkt
Schoonhoven**

Parkstraat 21 - Grouw - Tel. 05662-1676